

## Koart jierferslach fan de Freonen fan Tresoar 2014

Dit ferslachjier hoegden wy, oars as wy de lêste jierren wend wiene, gjin ôfskied te nimmen fan ien of mear bestjoersleden en it bestjoer wie dan ek it hiele jier sa gearstald: Jannie van der Kloet, foarsitter, Arjen Dijkstra, skathâlder, Gryt Elsinga, skriuwer, en de leden Hanneke Hoekstra, Gerard Mast, Auck Peanstra en Oebele Vries.

Op de jiergearkomste fan 22 april 2014 waard tradisjoneel in geskink oanbean oan Tresoar: dizze kear net in boek, mar in piano. It hie bliken dien dat der hieltyd faker in piano hierd wurde moast by ferskate aktiviteiten en hiere is dan net de meast praktyske oplossing. It ôfrûne jier is der geregeldwei gebrûk makke fan dy piano, te begjinnen op de jiergearkomste sels, dêr't Jelle Dotinga daliks al foar in moaie muzikale bydrage soargje koe.

Nei it húshâldlike part fan de gearkomste hâlde dr. Jos Perry, histoarikus en ûndersiker oan de Universiteit fan Maastricht, in lêzing oer de troch him skreaune biografy *Revolte is leven* oer Theun de Vries. Ut de lêzing die bliken dat Perry net allinne in treflik skriuwer is, mar ek in treflik en ûnderhâldend sprekker.

It bestjoer is fjouwer kear gearkommen as tarieding op de aktiviteiten dy't organisearre binne. De bestjoersgearkomsten waarden lykas wenst bywenne troch Bert Looper, direkteur fan Tresoar, en direksjesekretaresse Hilda Top. De lêste hat ek dit jier wer op treflike wize soarge foar it tarieden en notulearjen fan de gearkomsten.

Op 23 maaie wiene de Freonen op besite by de direkteur en de meiwurkers fan Tresoar. Dit, yntusken ek al tradisjonele, besyk hie dizze kear in wat oare ynfolling krigen: in tal meiwurkers en bestjoerslid Oebele Vries joegen, nei in wurd fan wolkom troch Bert Looper, in koarte presintaasje oer harren persoanlike topstik by Tresoar. Dy tige entûsjaste ferhalen krigen in like entûsjast ûnthaal fan de oanwêzige Freonen en dizze opset sil grif werhelle wurde. Nei de presintaasjes waard der noch in rûnlieding makke troch de depots, dêr't fansels noch folle mear topstikken yn te finen binne.

De ekskurzje soe dizze kear by ferskate útstallingen mei Fryske meubels yn Noardwâlde, Frjentsjer, Ljouwert en op 'e Jouwer del. Spitigernôch wienen der dit jier mar 13 opjeften en dêrom is de ekskurzje ôfsein. It bestjoer beriedt him noch op it al as net trochsetten fan sa'n soarte aktiviteit, mar der binne al wol wat ideeën foar in oare oanpak.

In grut sukses wie de Fryske opera *Keapmanskeunsten* fan Martinus Schuil (fûn yn it depot fan Tresoar). De komyske opera, dêr't komponist Tjalling Wijnstra de partituer fan restaurearre en Bouke Oldenhof de tekst fan bewurke, waard yn augustus en septimber in tal kearen opfierd yn it iepenloftteäter fan De Pleats yn Burgum. Op 3 septimber wie der in spesjale foarstelling foar de Freonen. Yn totaal hawwe der 2000 besikers en likernôch 250 Freonen west.

As lêste wie der in tige slagge hjerstlêzing op 18 novimber 2014. De jûn stie yn it teken fan 100 jier Dam Jaarsma, de ferneamde samler fan folksferhalen út Eastermar. Nei in muzikaal optreden fan Nanne en Ankie, hâlde Theo Meder, ûndersiker by it Meertensynstitút, in ynlieding oer folksferhalen yn it algemien. Nei in twadde muzikale bydrage fan Nanne en Ankie lústeren de oanwêzigen mei omtinken nei Douwe Kootstra, dy't in tal ferhalen fan Dam Jaarsma op de fan him bekende wize foardroech. In prachtige ôfsluting fan in moai Freonejier.

It bestjoer fan de Freonen fan Tresoar

## Kort jaarverslag van de Vrienden van Tresoar 2014

Dit verslagjaar hoefden we, anders dan we de laatste jaren gewend waren, geen afscheid te nemen van een of meer bestuursleden en het bestuur was dan ook het gehele jaar als volgt samengesteld: Jannie van der Kloet, voorzitter, Arjen Dijkstra, penningmeester, Gryt Elsinga, secretaris, en de leden Hanneke Hoekstra, Gerard Mast, Auck Peanstra en Oebele Vries.

Op de jaarvergadering van 22 april 2014 werd traditioneel een geschenk aangeboden aan Tresoar: deze keer geen boek, maar een piano. Het was gebleken, dat er steeds vaker een piano gehuurd moest worden bij verschillende activiteiten en huren is dan niet de meest praktische oplossing. Het afgelopen jaar is er al geregeld gebruik gemaakt van die piano, te beginnen op de jaarvergadering zelf, waar Jelle Dotinga meteen al voor een mooie muzikale bijdrage kon zorgen.

Na het huishoudelijk gedeelte van de vergadering hield dr. Jos Perry, historicus en onderzoeker aan de Universiteit van Maastricht, een lezing over de door hem geschreven biografie *Revolte is leven* over Theun de Vries. Uit de lezing bleek dat Perry niet alleen een uitstekend schrijver is, maar ook een uitstekend en onderhoudend spreker.

Het bestuur heeft vier keer vergaderd als voorbereiding op de activiteiten die georganiseerd zijn. De vergaderingen werden zoals gebruikelijk bijgewoond door Bert Looper, directeur van Tresoar, en directiesecretaresse Hilda Top. De laatste heeft ook dit jaar weer op een voortreffelijke manier gezorgd voor voorbereiding en verslaglegging van de vergaderingen.

Op 23 mei waren de Vrienden op bezoek bij de directeur en de medewerkers van Tresoar. Dit, intussen ook al traditionele, bezoek had deze keer een wat andere invulling gekregen: een aantal medewerkers en bestuurslid Oebele Vries gaven, na een woord van welkom door Bert Looper, een korte presentatie over hun persoonlijke topstuk bij Tresoar. De zeer enthousiaste verhalen kregen een even enthousiast onthaal van de aanwezige Vrienden en deze opzet zal vast herhaald worden. Na de presentaties werd er nog een rondleiding gemaakt door de depots, waar natuurlijk nog veel meer topstukken in te vinden zijn.

De excursie zou deze keer langs verschillende tentoonstellingen met Friese meubels in Noordwolde, Franeker en Joure gaan. Helaas waren er dit jaar maar 13 opgaven en daarom is de excursie afgelast. Het bestuur beraadt zich nog op het al dan niet doorzetten van een dergelijke activiteit, maar er zijn al wel wat ideeën voor een andere aanpak.

Een groot succes was de Friese opera *Koopmanskunsten* van Martinus Schuil (gevonden in het depot van Tresoar). De komische opera, waarvan componist Tjalling Wijnstra de partituur restaureerde en Bouke Oldenhof de tekst bewerkte, werd in augustus en september een aantal keren opgevoerd in het openluchttheater van De Pleats in Burgum. Op 3 september was er een speciale voorstelling voor de Vrienden. In totaal zijn er 2000 bezoekers en ongeveer 250 Vrienden geweest.

Tot slot was er een zeer geslaagde herfstlezing op 18 november 2014. De avond stond in het teken van 100 jaar Dam Jaarsma, de beroemde verzamelaar van volksverhalen uit Eastermar. Na een muzikaal optreden van Nanne en Ankie hield Theo Meder, onderzoeker bij het Meertensinstituut, een inleiding over volksverhalen in het algemeen. Na een tweede muzikale bijdrage van Nanne en Ankie luisterden de aanwezigen aandachtig naar Douwe Kootstra, die een aantal verhalen van Dam Jaarsma op de van hem bekende manier voordroeg. Een prachtige afsluiting van een mooi Vriendenjaar.

Het bestuur van de Vrienden van Tresoar